

'Stik stiet goed op de rails'



Efteroan de manlju, fan lofts nei rjochts: Remko Hoitsma (technikus), Leo Dijkstra (skriuwer), Bart Kingma (regisseur), Addy Scheele (pianist); foaroan de froulju, fan lofts nei rjochts Anke Piersma (akkordeoniste/fluitiste), Leny Dijkstra (aktrise/sjongster), Hiske Oosterwijk (aktrise/sjongster). Foto Sjoerd Hania

Foarstellings, dy't by útstek goed op de rails stean moatte, binne fansels stikken oer in trein.

LJUSSENS ■ "Taal op it spoor" is sa'n foarstelling. Dy giet oer de trein mei de namme Cees Bijlstra en dêryn sitte de aktrises/sjongsters Leny Dijkstra en Hiske Oosterwijk. Tongersdei stapten se der yn Ljussens (De Gearkomst), dêr't se mar leafst trije try-outs spilen, yn en fan 12 maaie ôf ride se tige taret by tal fan oare stasjons del. En dan krije meireizgers in reis om net gau wer te ferjitten, safolle waard yn Ljussens wol dúdlik. Leny sit doelbewust yn de

Cees Bijlstra-trein, om't sy weromtinke wol oan har fjirtjin jier ferlyn ferstoarne begelieder, Hiske nimt deselde trein by tafal. As se neist elkoar komme te sitten, reitsje se oan 'e praat en dan binne der tal fan saken, dy't oan de oarder komme. Skriuwer Leo Dijkstra hellet yn it ferhaal hiel moai de generaasjekleau tusken harren nei foaren en dat symbolisearje Leny, dy't al fiifenyftich jier yn it fak sit, en Hiske, it oanstoarmjende talint, op in bisûndere wize.

It publyk hinget de beide froulju oan de lippen as se oer harren komôf, leafdeslibben, wurk en karriêre prate en fansels ek oer Cees Bijlstra. It earste liet yn it stik seit fan him: 'Ien fan de minsken om dy hinne, dy't der ynienen net mear binne.' Sang en muzyk derfan binne net live, dy fan alle oare lieten wol. Leny en Hiske sjonge hiel wat ôf en alle solo's en duetten binne like moai. Nee, de muzyk fan Cees Bijlstra is perfoarst net âldfrinzich en bringt ek de muzikanten Addy Scheele (piano) en Anke Piersma (akkordeon en fluit) ta pres-taasjes fan in heech nivo. Neist mankelike lietteksten komme der fleurige foarby en datselde kin sein wurde

fan de sprekteksten. Sa seit Leny nei in komyske anekdoate oer Cees Bijlstra bygelyks ynienen 'Hy is der net mear'.

Sa't se dat seit en mei alhiel de juste timing en yntonaasje, slaan dy wurden yn as in bom. Wat in aktrise! Spitich dat de hoarizon fan har karriêre tichterby leit as dy fan Hiske. Sels in hoarizonduet feroaret dêr neat oan. Leny gunt Hiske lykwols har takomst fan herte en oerlanget har as blyk dêrfan in koffer mei muzyk fan Bijlstra. Deryn sit net 'Ve-soul' fan Jacques Brel, dat Hiske yn dit troch Bart Kingma regisearre stik ûnneifolgber moai nei foaren bringt.

RENNIE VEENSTRA